



Utnûging foar de KRUSPUNTDEI 2023

op sneon **22 april** o.s. yn De Lantearne, Dringelstrjitte 13 yn Akkrum, 0566-651523

Tema fan de dei: **Taalbelied op tsjerklik mêd**

Yndieling fan de dei (mei in yndikaasje fan de tiden)

9.30: Ynrin mei kofje/tee

10.00: Wolkom en iepening troch de foarsitter Sipke Huismans

- It tema fan de dei wurdt ynliden troch Liuwe Westra.
- Besprek fan it tema yn groepkes troch de oanwêzigen oan de hân fan foarbylden/stellingen, ûnder lieding fan Tryntsje van der Veer. Mei in neipetear.
- sjonge út "Lieten fan leauwe en langstme" û.l.f. Geart vd Heide & David de Jong (*lieteboeken binne oanwêzich*)

12.00: Skoft: it eigen meinommen brochje kin oanfolle wurde mei it oanbeane sop. As jo nei it iten wat fertrêdzje wolle, dan soe dat kinne.

- Wa't net yn de gelegenheid is om de middei by te wenjen hat wol de gelegenheid om de kollekte foar de ûnkosten te betinken. Der stiet in kollekteskaal by de útgong.

13.00: Sjonge út "Lieten fan leauwe en langstme" û.l.f. Geart vd Heide & David de Jong

13.30: - Jierferslaggen skriuwer en ponghâlder (sjoch de bylagen)

- bestjoersferkiezing: Sipke Huismans en Piet Miedema nimme ôfskied. Der binne noch twa fakatueres yn it bestjoer. As jo nammen witte fan kandidaten dan kinne jo dy trochjaan fia adm@kruspunt.nl.

14.00: Alex Riemersma praat ús by oer de ûntjouwing fan Nijkleaster, poadium Leauwe yn Fryslân, kampus Westerhús

14.30: Bernard Smilde Priis, útrikking en taljochting

- Jo kinne de kosten leger útfalle litte troch in bydrage yn de kollekteskaal by de útgong te dwaan.

15.00: Fesper yn de Terptsjerke û.l.f. ds. Tytsje Hibma

Yn de Lantearne is in tafel ynrjochte foar de oanskaf fan boeken, lietebondels, cd's ensfh.

As jo fan doel binne om te kommen graach in mail stjoere nei adm@kruspunt.nl om it oantal persoanen op te jaan dêr't it bestjoer rûchwei op rekkenje kin y.f.m. de 'ketering'. Gjinn mail, dan fia de tillefoan 0515-574096 of Berkenburg 7, 8702 BD Boalsert